

2015-2016



**Toanielferiening 'FUORT MAR LOS' noeget jimme út foar de toanielútfiering
" IN GEKKEHÛS YN' T SIKEHÛS "**

De útfieringen binne op freed 18 maart om 19:00 oere en sneon 19 maart om 20:00 oere yn de toanielseal fan Restaurant Partycentrum Noflik Easterien.

Werom jim dit neffens de spilers beslist net misse meie?

- ✓ Omdat de minsken tige nijsgjirrich wêze moatte nei de meast beweechlike rol yn it stik, nammentlik dy fan Dhr.Cohen.....
- ✓ Altyd benaud west foar in spuitsje? It wurdt der no fêst net better op!
- ✓ Rêstich bekomme nei in operaasje.....??
- ✓ Ast dit sikehûs meimakke hast, bist fuort "genezen"
- ✓ In razende suster??
- ✓ Omdat laitsjen it bêste medisyn is!
- ✓ Fan rût himmeljen oant kotsjes waskjen....wy draaie ús hân der net foar om....
- ✓ Wat?? Jim moatte jim net sa drok meitsje oer dit sikehûs. Hjir gebeurt ommers noait wat, sa lekker rêstich. Sa seit Frou Visser.....
- ✓ In spuitsje mear as minder.....
- ✓ Wa rint him de soallen ûnder de skuon wei??
- ✓ Och leave help, dêr geane se wer! Do moast se ek kalm hâlde Ilona, oars giet it akút mis op de planken!
- ✓ Dit moatte jo sjen om leauwe te kinnen: Yn ien dei fan deasiik nei poepie better!
- ✓ De pasjinten treffe it wol mei sa'n knappe dokter!
- ✓ Hindrik hat in nij kofjesetapparaat, mar hjir kin Tjerk Okkema jo mear oer fertelle en miskien hat hy der ek noch wol in plaatsje fan.

Werom jim dit neffens it besjoer beslist net misse meie?

- ✓ Om de ynset en it entûsjasme fan de spilers en regisseur te bewûnderjen.
- ✓ Om te sjen wat foar geweldich stik wurk en tiid ús frijwilligers der dit jier wer ynstutsen ha.
- ✓ Je troch it sjen fan dit stik, oar jier miskien sels wolris mei dwaan wolle mei toaniel.
- ✓ In jûn genietsje, hearlik laitsje en nei ôfrin fan it stik noch in macht feest mei muzyk fan 'It takes two', wa wol dat no misse?
- ✓ Om't je der oars it hiele jier net oer mei prate kinne.
- ✓ Omdat je te âld binne om op stap nei in band jûn yn'e kroech en te jong binne om elk wykein op de bank te hingjen.
- ✓ Omdat je kâns meitsje wolle op ien fan de pracht prizen fan de lotterij, mei tank oan ús stipers. Mei as haadpriis en waardebôn fan Woonvaria Wommels fan mar leafst € 250,-

Koart sein, je bin in gekkehûs at dizze jûn oan je foarby giet!

TOANIESELSESKIP **FUORT MAR LOS** SPILET



IN GEKKEHÛS YN IT SIKEHÛS

fan Wilma Renes Leertouwer

Fryske oersetting Gurbe Dijkstra

Rezjy: Sybe van der Ploeg

muzyk: It Takes Two



NOFLIK EASTEREIN

freed 18 maart 19.00 oere

sneon 19 maart 20.00 oere

yntree €7,50, bern €3,00



FUORT MAR LOS
Easterlein

2015-2016

IN GEKKENHÛS YN T SIKEHÛS

in blijspul yn trije bedriuwen

It ferhaal:

It is in gaos yn it sikehûs. Troch te min plak - fanwege in ferbouwing - wurdt seal 13 yn gebrûk nommen. In ferâldere hok wêr't gjin fasiliteiten binne. De iene nei de oare ferpleechkundige meldt him siik, en suster Riny moat har sjen te rêden mei de wat froulik oandwaande broeder Ernst -Paul en de sullige, âlde en trage suster Bep. Ut need freget se de beide skjinmaksters, Janny en Ilona, har te helpen as ferpleechsters. Dan rint de seal fol mei pasjinten. Cohen, krekt fan de O.K., is -seker it earste bedriuw-gjin drege pasjint. Kuperus is dêrfoaroer in pasjint dy't in bulte noaten op 'e sang hat en is faaks ek net de man wêr't er him foar útjout. Frou Visser is leaf, mar se is sa doof as in kwartel. En dat is net altyd even maklik. Dêr komt noch by dat se alletrije graach by it rût lizze wolle, en dat soarget foar in bulte opskuor. Gelokkich docht dokter Bouwer mei regelmaat in rûntsje oer seal 13. Mar oft de pasjinten dêr no safolle better fan wurde...?

Skriuwer:

Wilma Renes-Leertouwer

Oersetting:

Gurbe Dijkstra

Rezjy:

Sybe van der Ploeg

Rezjy-assistent:

Ria Dijkstra

Dekor:

Gerlof Dijkstra, Thom Veldman

Ljocht en lûd:

Jan Bouke Bouma

Grime:

Talitha Dijkstra, Afke Heida

Bestjoer:

*Baukje Stavinga, Eppie Heins, Halbe Overal,
Ype Tiemersma, Antje Stenekes*

Spilers:

Riny:	Haadsuster	Baukje de Jong
Janny:	Skjinmakster	Jitske Veldman
Ilona:	Skjinmakster	Elisabeth Overal
Ernst-Paul:	Ferpleger	Sibolt Bouma
Bep:	Ferpleechster	Akke Veldman
Kuperus:	Pasjint	Tjerk Okkema
Frou Visser:	Pasjinte	Rigt Bergsma
Cohen:	Pasjint	Berend Santema
Bouwer:	Dokter	Rémon-Tie Bouma

JONGEREINTOANIEL FUORT MAR LOS

SPILET

ROMKE + JELTSJE = ♥



13 FEBREWARIS 2016 OM 19:15 OERE YN NOFLIK EASTEREIN

TAGONG €3,00 (BERN) EN €6,00 (FOLWOEKSSENEN)

MEI FERLOTING EN NEI ÔFRIN LIVE MUZYK FAN TIMEMAUD

SPONSORS : DE JONG INSTALLATIEBEDRIJF *** NOFLIK EASTEREIN *** ONDERZOEKSBUREAU DOMENIE φ KERSTENS ***
OPERETTEVERENIGING ANIMATO *** PAUL DE BRUIN FOTOGRAFIE *** SAM ONDERHOUD *** VAN DER EEMS

Útnoeging

Wat as dyn heit en mem nei dy lústerje soenen.....Wat asto dyn eigen âlders útsykje koest... ..Wat as bern de baas wienen...

Dit wurdt wier makke op 4 april 2015 om 19.15 oere)
Noflik Easterein. Wy spylje dan de ienakter **Bern Boppe** mei teksten fan de spilers en baseart op in stik fan Jan Hager. Fansels is it in aardich stik foar jong en âld. It is wier de muoite wurdich. De kassa is in heal oere foar de foarstelling iepen.

Fêst en seker oant sjen mei groetnis fan **Jongereintoaniel**
Fuort Mar Los,

Anneke van der Werf, Elbrich Bouma, Geeske de Vries,
Ima Algra, Machtelt Veldman en Sydrik Kooistra

Wy binne holpen troch

Baukje de Jong (klean), Siebolt Bouma, Gerlof Dijkstra, Theo Veldman (dekor), Jelmer Kingma, Theo de Jong, Jan Bouke Bouma (ljocht en lûd), Talitha Dijkstra, Afke Heida (grime), Akke Veldman (einredaksje), Paul de Bruin (fotografy) en Friek Kosse (rezjy).

Ús sponsors binne

Drukkerij Van der Eems, Installatiebedrijf De Jong, Noflik Easterein